

Achte leden,

It bestjoer nûget jo út foar ús gearkomste op tongersdei 16-04-2026, de jûns om 19.45 oere yn it Kafee fan Tresoar, Boterhoek 1, 8911 DH Leeuwarden.

Tink derom dat der yn Ljouwert oant 22.00 oere betelle wurde moat foar it parkearen! Fierder kin it altyd foarkomme dat in gearkomste troch kalamiteiten lykas sykte of winterwaar net trochgean kin. Yn dat gefal berjochtsje wy de leden sa gau as mooglik middels e-mail, sosjale media en webside fan de Fryske Akademy. Fansels kinne jo by twifel ek altyd kontakt opnimme mei de skriuwer fan ús wurkferbân.

WURKLIST

1. Iepenjen;
2. Ynkomen stikken en meidielingen;
3. Ferlach fan de lêsthâlden ledegearkomste op 03-03-2026;
4. Ynliding fan Lisa Terpstra. Lisa wurket by Movares, it eardere MUG. Sy hat meiholpen by de opgraving ferline hjerst oan it Achterom op 'e Lemmer. 'Amersfol mei fynsten,' stie yn de krante. Hjir sil se oer fertelle. Mar Lisa kaam ek noch wat hiel spesjaals foar harsels tsjin.
5. Skoft en determinaasje fan meibrochte fynsten;
6. Ferfolch/neibesprek fan it ûnderwerp;
7. Omfreegjen;
8. Sluting.

Koos Tiemersma
Skriuwer AWF
jtimmersma@hetnet.nl

Taheakke:

Ferlach lêsthâlden ledegearkomste fan 03-03-2026

Noch moaie fynsten thús? Nim se mei!